

MERCATOR'S MEARTALIGENS LÊZING 2022

Professor Jean-Marc Dewaele (Birkbeck)

HOE'T TAALLEARDERS 'FLOW' ÛNDERFINE YN FRJEMDETAALLESSEN

It konsept flow waard yntrodusearre troch psycholooch Csíkszentmihályi (1990) en ferwiist nei in harmonieus oardere bewustwêzen wêrby't tinzen, hannelings en emoasjes opinoar ôfstimd reitsje by it útfieren fan in útdaagjende taak. Nettsjinsteande tanimmende belangstelling foar de emoasjes fan frjemdetaallearders, begjinnend mei Dewaele en MacIntyre (2014), is it ûnderwerp flow navenant noch altyd net bot ûndersocht yn tapast taalkundich ûndersyk. Flow is wichtich, want it wurket ferslaavjend en hat sterk motivearjende kwaliteiten (Piniel & Albert, 2019; Dewaele, Saito & Halimi, 2022).

Yn syn presintaasje jout Dewaele in oersjoch fan it nijste ûndersyk nei de ûnderfinings fan flow by frjemdetaallearders. Hy lit fierder sjen hoe't dy ûnderfinings troch de tiid hinne tanimme yn frekwinsje en yntinsiteit en hoe't sy beynfloede wurde troch positive en negative emoasjes en troch de learkrêft (Dewaele & MacIntyre, 2022a; Dewaele & MacIntyre, 2022b). Flow is benammen fan belang yn frjemdetaallessen, want it helpt taallearders om oer har selsbewustwêzen en skrutelens hinne te kommen.



Oer de sprekker:

Jean-Marc Dewaele is professor Tapaste Taalkunde en Meartaligens oan Birkbeck, Universiteit fan Londen. Hy is de haadredakteur fan it *Journal of Multilingual and Multicultural Development*, foarsitter fan de *International Association for the Psychology of Language Learning*, en hy ûntfong ûnder mear de *Distinguished Scholar Award (2022)* fan de *European Second Language Association*.

Datum: TIISDEI 22 NOVIMBER 2022

Tiid: 16:00-17:00 oere

Plak: Zoom

(fergees, registrearje is ferplichte)

Taal fan de lêzing: Ingelsk

Registrearje kin fia dizze link. Jo kinne ek de QR koade hjirûnder scanne.

